

Laudatio foar Bertus Jans Postma, lofprizing foar syn striid foar offisjeel Frysktalige toponimen

Útsprutsen op 20 novimber 2015 troch Sytze T. Hiemstra, skriuwer fan de FFU

It docht it bestjoer fan de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) goed om hjoed yn de jubileumgearkomste fan de *Jongfryske Mienskip* syn sechste eare-oarkonde útrikke te kinnen oan Bertus Jans Postma út Bitgummole.

Postma makket him al in lange rige fan jierren bûtenwenstich fertsjinstlik as strider foar *offisjeel Frysktalige toponimen*. Oerflakkich sjoen liket dat net al te folle te krijen te hawwen mei de striid foar it ûnderwiis yn it Frysk, dêr't de *FFU* him al mear as in fearnsiuw mei dwaande hâldt. Dat is neffens de *FFU* in grut fersin. It rekket ek it *ûnderwiis* yn de Fryske taal, kultuer en skiednis.

Troch it krewearjen foar Frysktalige wetter-, doarps-, steds- en gemeentenammen komme dy nammen net allinnich offisjeel op de kombuorden, op paadwizers en yn de oerheidsadministraasje telâne, mar likegoed op kaarten, yn atlassen, ensyklopedyen, wurdboeken, skoalboeken, digitale learmiddels en oare digitale media en yn kranten en tydskriften. Ien fan Postma syn grutste wapenfeiten is dat it him slagge is en kom ta offisjeel Frysktalige wetternammen yn fierwei de measte Fryske gemeenten. Wat hat er dêr net in enerzjy ynstutsen!

Troch it offisjeel fêststellen fan Frysktalige toponimen bliuwe dy ek foar de takomst bewarre. Postma leveret sadwaande in tige belangrike bydrage oan it oerdragen fan in wichtich stik Frysk kultuergoed oan hjoeddeistige en takomstige generaasjes en oan it behâld dêrfan.

Hiel wat brieven en e-postberjochten binne yn de rin fan de jierren troch Postma ferstjoerd oan gemeenten, de provinsje en de provinsjale en regionale kranten. Ek op Facebook wart Postma him tige. Gauris sit Postma op de publike tribune by de gemeenten as it om taalbelied giet of grypt er de kâns om yn te sprekken en te pleitsjen foar ús eigentalige toponimen. Jierrenlang skriuwt Postma al oer dat krewearjen yn *Lyts Frisia* en *Nij Frisia*, it blêd fan de *Jongfryske Mienskip*, dêr't er ien fan de skerpsinnichste en trouste redakteuren fan is.

De *Jongfryske Mienskip* besiket al in iuw lang (1915-2015) it Frysk ta de *earste* taal yn Fryslân te meitsjen en dus ek by de oerheid, it rjocht en yn it ûnderwiis. Postma stiet yn dy sin sadwaande yn de romrofte tradysje fan syn grutte ynspirator Douwe Kalma, fan Eeltsje Boates Folkertsma, Bearend Joukes Fridsma, Wike L. Zylstra, Teake Hoekema en oaren. Postma hat grutte fertsjinsten yn de striid tsjin de noch altiten besteande taalûnderdrukking.

De *FFU* winsket dat Postma syn fjochtsjen foar rjocht en gerjochtigens op dat mêd noch in hiel hoart yn sûnens dwaan mei, want it ûnrjocht dat it Frysk oandien wurdt, is noch lang net fan de baan. De striid dêrfoar is lang en dreech en freget gâns trochsettingsfermogen. Bertus Jans Postma hat bewiisd dat er dat hat en de *FFU* tanket him dêrfoar.

De *FFU* lokwinsket Postma fan herten mei de tige fertsjinne *FFU*-eare-oarkonde dy't ferbûn is oan dizze laudatio en dy't grif ek mei te tankjen is oan de trouwe stipe fan syn oare helte.

